



De letterfretter

Lida Dykstra – tekst | Berber van den Brink – yllustraasjes |
 Afûk, 2023 | ISBN 978 94 9331 800 7 | hurd kaft, 119 siden
 | Leeftyd: 0 – 110 jier

YNHÂLD

Oer it boek 1

(Foar)lêze 2

Oan de slach mei it boek 3

PRATE – filosofearje

PRATE – hoefolle letterfretters?

PRATE – taaldetectives

SKRIUWE – SoLDaTeN

SKRIUWE – ûntsnapping

SKRIUWE – haikû

SKRIUWE – brief

SKRIUWE EN SJONGE – deuntsje

KLEURJE – kleurplaat

TEKENJE – fabelbisten

TEKENJE – eigen yllustraasje

TEKENJE – komposysje

BEWEGE – ollekebolleke

BEWEGE – hippelepip

TOANIEL – toaniellêze

NATOER – bisteposters

WRÂLDORIÏNTAASJE – monuminten

WRÂLDORIÏNTAASJE – kaart fan Fryslân

TOANIEL – toaniellêze

SPULTSJE – letterfretterkwartet

SPULTSJE – hok-bok-spul

SPULTSJE – letterfretterkwis

PUZELJE – wurd­siker

Wurkblêd 1

Wurkblêd 2

Wurkblêd 3

Wurkblêd 4a

Wurkblêd 4b

Wurkblêd 5

Wurkblêd 6

Oer Lida Dykstra 20

Oer Berber van den Brink 21

SoLDaTeN-regel 13

brief 14

kleurplaat 15

toaniellêze 16

toaniellêze 17

kaart fan Fryslân 18

wurd­siker 19

OER IT BOEK

Yn *de letterfretter* steane 47 gedichten. Yn 46 gedichten stiet in Frysk ien-, twa- of trijelûd sintraal. It lûd dêr't it om draait, wurdt boppe elts gedicht fermelde. Wurden mei dat lûd falle goed op yn de tekst om't se in ôfwikende kleur ha. Yn it ôfslutende 47ste gedicht wurde alle lûden út it boek nochris brûkt en werhelle. Dat ôfslutende gedicht is in akrostichon; de begjinletters fan eltse rigel foarmje de sin 'no kenst alle lûden'.

De haadpersoan út it boek, de letterfretter, is in grappige draak dy't – sa't ek te sjen is op it omkaft – oer de provinsje Fryslân hinne fljocht op syk nei syn favorite iten. Dat binne de lûden (klinkers) fan wurden.

Yn elts gedicht docht er in doarp of stêd oan, om dêr stikem letters te stellen en op te fretten.

Efteryn it boek stiet in (net folsleine) wurdlist, dy't de lêzer mear mooglikheden jout ta oefenjen mei de Fryske taal.

Dochs is *de letterfretter* gjin learboek. De taalwille, de humor en it moaie taaleigen fan de gedichten steane foarop.

De skriuwer mjit drege wurden net, om't se it belangryk fynt dat moaie, Fryske wurden noch in pear generaasjes langer mei geane. Sa steane der bygelyks wurden as *faasje*, *ferfarre*, *bokselje*, *breinroer*, *kloeren* en *okkebyldsje* yn it boek.



Yn it boek is safolle mooglik de foarkarstavering út it Fryske wurdboek oanhouden.

De yllustraasjes, dy't tige goed by de tekst passe, binne fan Berber van den Brink. Se hat wurke yn swart mei hieltyd ien fan de fiif stipekleuren giel, blau, grien, oranje of read. It foarste skutblêd toant de letterfretter, dy't ferlekkere tusken de letters stiet dy't er opfrette wol. Op it achterste skutblêd dat dêr in fariant op is, hat de letterfretter syn búkje rûn iten, en is te sjen dat er al in soad letters opfretten hat.

By it boek is in letterfretterkwartet útkommen, foarmjûn troch Jelmer van der Meulen.

It is los te keap, mar ek mei koarting yn kombinaasje mei it boek.

Sjoch foar mear ynfo en resinsjes oer it boek op webside [de letterfretter](#).

Wolst witte hoe't in boek makke wurdt? Besjocht dit youtubefilmke: ['de letterfretter'](#) fan Lida Dykstra by de printer – YouTube.

(FOAR)LÊZE

Op de efterkant fan it boek stiet mei klam dat it bedoeld is foar alle leeftiden.

Pjutten en beukers sille de gedichten noch net begripe as se dy foarlêzen krije, mar komme wol yn de kunde mei de Fryske taal en klanken, en kinne de plaatsjes besjen mei de foarlêzer. Stel dêrby fragen as: 'Wat is dat foar bist?', 'Wat docht de knyn hjir?' of 'Sjochst de letterfretter ek op dit plaatsje?'

Middenbou.

Lês net tefolle gedichten yn ien kear foar. Bepaat se efterôf. En besjoch fansels ek wer de yllustraasjes mei-inoar.

Tips foar fragen:





- 'Kinst riede watfoar lûd yn dit gedicht hieltyd werom komt?'
- 'Sprekke wy dit wurd thús krekt sa út? Of wat oars? (*Hoe't wurden útsprutsen wurde, ferskilt fan streek ta streek. Tink mar ris oan it tiidwurd 'moatte'. De ien seit 'ik mwat'. De oar wer 'ik mat', 'ik mut' of 'ik mot'. Sokke dialektyske ferskillen binne net ferkeard. Se wurde yn wurdboeken meastal neamd ûnder de foarkarstavering.*)
- 'Fynst it gedicht grappich, leaf, sneu of noch wat oars?'
- 'Watfoar aventoer soesto sels wolris belibje wolle?'

Fan boppebou ôf.

Sels lêze (Mar ek foarlêze, thús, yn de klasse, yn it âldereintehûs. Foar eltsenien bliuwt dat moai).

Moedigje de bern oan om dat ek ris lûdop te dwaan, want dan fernimst it ritme yn de gedichten op syn bêst. Witte se net wat in wurd betsjut? Hinderet neat! Lekker oerhinne lêze. Soms wurdt it út de kontekst wol dúdlik. Letter opsykje yn de wurdlist efteryn it boek kin altyd.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

PRATE – filosofearje



Bepreat mei de bern in oantal tema's út it boek, bygelyks oer:

A. Lûden en taal

'De letterfretter, de letterfretter / fynt alle lûden like lekker.' (s. 16)

- Wa kin it abee opsizze?
- Witte jim dat yn it Fryske abee mar 24 letters sitte? Hoe soe dat kinne? (*Antwurd: de q en x wurde net brûkt*).
- Witst wat in lûd is? Foarbylden? (*In klinker, in toan wêrby't de lucht sûnder hinder út dyn mûle nei bûten streamt*).
- En wat is dan in bylûd? Foarbylden? (*In toan wêrby't dyn toskan, tonge, kiel of lippen de lucht in bytsje tsjinhâlde*).
- Hasto in favorite letter? Hoe komt dat? Watfoar letter is dat?
- Binne der letters dy'tsto dreech fynst om út te sprekken? Yn it Frysk, of miskien krekt wol yn it Nederlânsk? Wat kin dy dêrby helpe?
- Bijke brijket. Watfoar letter kin hy net sizze? Fynsto dat Bijke ek better net sjonge kin? Of hast tips foar him?

B. Sneue bisten

'No sit er al wiken by mem te grinen.' (s. 25)

Yn *De letterfretter* komme hiel wat bisten en minsken foar, dy't aardich wat tsjinslach ha. Ype de wikel stoart del mei in fleanmasine, en prins Rinse sit finzen.

- Hasto ek wolris tsjinslach? Wêrtroch?
- Ast tsjinslach hast, praatst dêr dan oer?
- Is der ek tsjinslach dy'tst sels foarkomme kinst? Jou ris in foarbyld?
- Nei it foarlêzen fan *Hans Sânbij* (s. 15) : Wat hie Hans ek dwaan kinnen?
- Nei it foarlêzen fan *Knokpartij* (s. 32) Wat hiene Jop en Okke ek dwaan kinnen?
- Nei it foarlêze fan *Snoeshoanne* (s. 64) Wat tinkst dat de hoannepyk dwaan sil nei ôfrin fan it gedicht?

C. Aventoer

'In rotgoes woe op aventoer/ mei oan syn wjuk in bôlekoer.' (s. 70)

- Watfoar aventoer soesto wolris belibje wolle? (Alles mei, ek fantasy-aventoeren.)
- Meist twa freonen meinimme. Wa wurde dat?
- Watfoar iten nimme jim mei?
- Wat wie dyn moaiste aventoer oant no ta? Kinst der wat oer fertelle?
- Hast wolris in boek lêzen dat gong oer in grut aventoer? Watfoar boek?
- Hast ek tips foar aventoeren dy't (hast) neat kostje? (*byg. Túnsafary by lytse bistkes del, in speurtocht troch de buert*).

PRATE – hoefolle letterfretters?



‘Wa ken de letterfretter net?’ (s. 16)

De letterfretter, in soarte fan draak mei letters op syn fel, stiet op de omkaft fan it boek. Mar hy is troch yllustrator Berber van den Brink ek nochris weistoppe yn in hiel soad yllustraasjes. Soms sjochst mar in lyts stikje fan him.

Besjoch mei de bern alle yllustraasjes ris hiel sekuer, en gean op syk nei alle letterfretters. Hoefolle binne it?



(Antwurd: 27. Op it skutblêd foar, titelside, T-shirt s. 6, dream s. 9, poat s. 10, beam s. 13, boat s. 14, s. 16/17, fiver s. 21, loft s. 24, fiver s. 27, s. 28, s. 30, planke s. 34/35, moanne s. 37, winkel s. 42, poat s. 49, T-shirt s. 52, s. 59, s. 64, s. 74 rjochts, s. 78 as sjauffeur, poat s. 87, s. 92, T-shirt s. 96, s. 104/105, skutblêd efter.)

PRATE – taaldetectives



‘In griffioen lei op ‘e loer/ mei twa ûnfoechlik skerpe kloeren.’ (s. 71)

Fertel de learlingen dat se foar dizze oefening ‘taaldetectives’ binne, en drege Fryske wurden opspoare meie. Se stekke har finger op wannear’t der ûnder it foarlêzen fan in gedicht in dreech wurd foarby komt.

Les dan net te rap, dúdlik en mei in moai ritme ien fan de gedichten foar. Earst in kear folslein sûnder ûnderbrekkings, de twadde kear komme de detectives yn aksje.

Geane der by in wurd fingers de lucht yn? Skriuw dat wurd dan op it boerd of lit it troch ien fan de bern opskriuwe. Sammelje sa alle drege wurden út dat iene gedicht.

Bepreat se. Wit in oare learling miskien wol wat dat wurd betsjut?

Wat is it alder- alderdreechste wurd út dat iene gedicht? Dat wurd is *kening tûkelteam* (‘koning struikelblok’). Omsirkelje it mei in reade line, en freegje de bern it yn wat sinnen te brûken.

Tip: de measte drege wurden yn it boek wurde fan side 106 ôf yn de wurdlist útlein.

SKRIUWE – SoLDaTeN



‘Set syn soldaten yn ‘e kast.’ (s. 11)

Mei dit boek kinst in goed begjin meitsje mei Frysk skriuwen.

Pak de ‘soldatenregel’ ris by de kop mei de bern.

Soms hearst in O yn in wurd, mar dan skriuwst dat dochs mei in A. Tink mar ris oan wurden as **al**, **bal**, **gas**, **kast**, **kladde**, **man**, **skat**, **dat**.

Dat is sa as dat lûd foar ien fan de bylûden út it wurd SoLDaTeN stiet en as dat wurd yn it Nederlânsk ek mei in A skreaun wurdt.

Efkes oefenje:

Tas → it lûd stiet foar de s, dy’t yn it wurd soldaten sit → it is yn it Nederlânsk ek tas mei in a → A.

Matte → it lûd stiet foar de t út it wurd soldaten → yn it Nederlânsk kenne wy mat mei in a → A.

Sop → it lûd stiet foar de p, dy sit net yn soldaten → O.

Op **Wurkblêd 1** kin oefene wurde mei de soldatenregel. Kinne de learlingen de goede letter ynfolje? Wurdt it in O of in A? Bepreat nei ôfrin.

SKRIUWE – ûntsnapping



'Hy mei los as er trout mei dat aaklike mins.' (s. 26)

Yn it gedicht *Har winsk* (s. 26) sit Prins Rinse opsletten. Hy hat help nedich! Freegje de bern yn minimaal 10 rigels in ferhaal te skriuwen oer de ûntsnapping fan Prins Rinse. Hoe lost er it op?

Oanpak:

- A. Skriuw dyn ferhaal, mar lit tusken eltse skreaune rigel in rigel leech op it papier. Dizze earste fersy is in klad.
- B. Ferbetterje dyn ferhaal troch:
 - *En doe en doe en doe* te skrassen.
 - Tefolle sinnen dy't mei ûnderwerp-persoansfoarm begjinne, om te goaien.
 - Foar wurden dy'tst te faak brûkst, oare wurden te kiezen.
 - Dialogen te brûken, kompleet mei korrekte ynterpunksje. *Prins Rinse sei: 'Soe ik de traljes loslûke kinne?'*Dyn ferhaal hoecht der net netsjes út te sjen. Yn dyn 'wurkfersy' meist folop streekje en knoeie. Ast hielendal tefreden bist, kinst dyn ferhaal netsjes oerskriuwe of úttype, mar dat hoecht net.

SKRIUWE – haikû



'maitzen laitsje om/ aaisikers op it maislân/ it is wer maitiid' (s. 83)

Lida Dykstra past yn har boek ferskillende dichtfoarmen ta. It gedicht *Dieet* (s. 19) is in saneamd Ollekebolleke, mei in kûplet ekstra. Dy foarm is yn 1974 betocht troch Drs. P. It metrum hat in trijekwartsmjitte. Foar mear ynfo: [Ollekebolleke \(dichtvorm\) – Wikipedia](#)



It gedicht *Blikstiender!* (s. 69) is in limerick. In limerick bestiet altyd út 5 rigels, mei it rymskema a a b b a. De lêste rigel is meastal de klû.

It boek einiget mei in Akrostichon, ek wol nammedicht neamd. By it gedicht *Alle lûden* op side 102 foarmje alle earste letters fan de sinnen fan boppen nei ûnderen de sin 'no kenst alle lûden'.

En dan it gedicht *Aikes* (s. 82). Dat moast fansels in haikû wêze, om't dat ek in wurd mei in AI is. In haikû is in Japanske dichtfoarm dy't út trije rigels bestiet. De earst rigel hat 5 wurdliiden, de twadde rigel 7 en de tredde rigel wer 5. Faak giet in haikû oer wat ien sjocht yn 'e natoer en syn ferwûndering dêroer. In goede haikû liket simpel, mar sit fol emoasje. Freegje de bern sels in haikû te skriuwen.

Tips:

1. Bepaal earst in ûnderwerp. Giet it oer in rûp op in blêd? Oer de moarnsdauwe? In besite oan de toskedokter mei fansels ek. Wat de learling mar oansprekt.
2. Faak sit der in lytse ferrassing yn in haikû. Betink it miny-ferhaaltsje earst yn dyn holle. Hoe moat it ûngefear einigje?
3. Brûk sintúchlike waarnimming (dingen dy'tst sjochst, hearst, rûkst of fielt) yn dyn fers.
4. Hâld it simpel. Grutte wurden binne net nedich.
5. Skriuw, werskriuw en slypje oan de tekst, oantst krekt op it goede tal wurdliiden útkomst.
6. Klear? Freegje de bern harren haikû op in A4 te skriuwen mei moaie letters, en it blêd tapaslik te fersieren. Dêrnei kinne de haikûs foardroegen wurde, oan in lyntsje hongen of miskien kin der in moai boekje makke wurden mei alle bydragen.

SKRIUWE – brief



‘Bêste glêsmakker, / Ik sit hjir op myn bêd fan pompeblêd.’ (s. 20)

Fêde Froask (= kikkert) skriuwt in brief om in nije bril te bestellen. Mar hy hat noch mear dingen nedich.

Freegje de bern ris (yn de rol fan Fêde) om in brief te skriuwen oan in kikkertmeubelwinkel, in kikkertrestaurant, in kikkertclub dêr’t er lid fan wurde wol of in kikkertskoalle dêr’t er syn bern op dwaan wol.

Op **wurkblêd 2** stiet al in yndieling.

SKRIUWE EN SJONGE – deuntsje



‘... song in deuntsje foar har Teuntsje, / en doe waard it serieus!’ (s. 45)

Watfoar leafdeslietsje soe Deuke betocht ha foar Teun?

Freegje de bern om in lietsje te skriuwen. Dat mei op de melody fan in ienfâldich, bekend lietsje lykas *Vader Jacob, Poesje Mauw* of wat har mar oansprekt. As it heal kin moat it wol rymje, fansels. In rap mei in lekker ritme mei ek.

Nei ôfrin foardrage, of noch leaver: sjonge!

KLEURJE – kleurplaat



‘De letterfretter, de letterfretter, fynt alle lûden like lekker. (s. 16)

Op **wurkblêd 3** stiet in kleurplaat fan de letterfretter en syn freonen, tekene troch Berber van den Brink. Meitsje him sa moai mooglik mei kleurkes, stift of plak der stikjes papier op.

TEKENJE – fabelbisten



‘In ûndersykjende sykloop/ dy makke ris in teleskoop.’ (s. 37)

Behalve echt bisten komme yn it boek soms ek mearkefigueren of fabelbisten foar. Kinst in sykloop (s. 37, meunster mei ien each), in griffioen (s. 71, bist dat heal earn, heal liuw is), draak (s.12), kabouter (s. 57), reus (s. 45) en fearremantsje (s. 60, berneskrik, mantsje dat yn it nôd tahâldt en dêr’t bern mei bangmakke wurde) tsjinkomme.

- A. Undersykje mei de bern ris watfoar fabeldieren der noch mear binne. Freegje harren yn twatallen in listke te meitsjen.

Der kin tocht wurde oan in seemearmin, basiliskus, ienhoarn, peaskehazze, minotauros of wjerwolf. Neam mar op. Wikipedia jout in útwreide oersjoch. [Lijst van fabeldieren – Wikipedia](#)

Freegje harren dan in eigenbetocht fabelbist te tekenjen op in A4, mei in soad details. Klear? Freegje de bern der ‘weetsjes’ oer it bist by te setten.

TEKENJE – eigen yllustraasje



Berber van der Brink hat by elts gedicht in kar makke watfoar sêne se útbyldzje woe. Dêrtroch binne der ek in soad sênes dêr't gjin byld by is, mar dy't dêr wol poergeskikt foar binne. Lês de folgjende gedichten oan de learlingen foar en bepraat wêr't se oer geane. Fregje de bern dan in yllustraasje by dat gedicht te meitsjen, mar by in oare sêne út it gedicht, bygelyks:

Guozzebruorkes:

'Spinfuotsjende fuotsjes en eachjes dy't gluorkje.../ Goemoarn, guozzebruorkjes, spring gau yn jim kuorke!' (s. 74)

Op besite:

'Dan de redens mar ûnderbine,/ En syn paad oer de fiver fine.' (s. 25)

Knokpartij:

'Want hy woe mei Fokje trouwe,/ Sulveren sokjes, losse lokjes,/ Om har kopke gouden klokjes.' (s. 32)

By omke:

'Romke klotste troch de modder,/ Sprong by omke op 'e skodder.' (s. 35)




TEKENJE – komposysje



'Skries, skierroek en rier/ dy tsierden gemien.' (s. 66)

Berber van den Brink is in master yn komposysje by har yllustraasjes. Komposysje is de oardering fan byldelementen. Berber brûkt faak horizontale, fertikale, rûne of diagonale (tinkbyldige) linen. Se set de popkes en húskes dus net samar earne del, mar krekt op it goede plak. Besjoch mei de bern de yllustraasjes dêr ris op nei. Sjogge se de haadlinen en diagonalen op eltse side?

It plaatsje hjirûnder is in foarbyld, dêr't wat reade helplinen oan tafoege binne. Sjoch mar ris hoe't it kiep, it beamke, de rier en de skierroek op in diagonaal steane. De skries mei syn lange snaffel stiet wer heaksk op de haadline. Wêr't dyn linen inoar snije, leit it juwiel te glânzjen. Dat is gjin tafal. Troch in goede komposysje kriget in yllustraasje gearhing en krêft.



Freegje de bern sels in tekening te meitsjen, mei in sterke komposysje.

Stappeplan:

1. Betink twa bisten dy'tst aardich fynst, bygelyks: in liuw en in knyn.
2. Betink in tiidwurd fol aksje, bygelyks drave, fjochtsje, fiskje, springe, skrikke, falle.
3. Betink in plak lykas yn de bosk, op it strân, op Mars, yn Parys, op de merke, op see.

Wat hast betocht? In liuw en in knyn fiskje op see? Of in oaljefant en in mûs fjochtsje op Mars?
Pak in A4 en skets dêr mei potlead in pear goede haadlinen op.

Tekenje dêrnei de sêne dy'tst betocht hast, mei help fan dyn betochte komposysje.

BEWEGE – ollekebolleke



'Seenhûn ropt: 'Sjimpansee,/ ik hâld in teefeestje.'" (s. 19)

It gedicht *Dieet* hat in trijekwartsmjitte. Sa'n type gedicht hjit in Ollekebolle. Kinst derop walse.

- A. Freegje oft de bern it âlde ôftelrymke Olleke bolleke/ Rubisolleke/ Olleke bolleke/ Knol!
kenne. Dêr hearst de trijekwartsmjitte al dúdlik yn.
- B. Lês dan in kear *Dieet* foar, en lis de klam op dy trijekwartsmjitte. Oerdriuwe mei bêst. Wa fan de bern wol it ek ris op dy wize foarlêze?
En dan: de fuotsjes fan de flier! Ien fan de bern lêst *Dieet* nochris foar, en de oare bern walse op de mjitte. En nochris, en nochris!

BEWEGE – hippelepip




'Oft ik no sit op in prikke,/ rin troch in blikke/ of spring oer in hikke...' (s. 22)

Lit de bern op in rom plak (plein, boarterslokaal) ris bewege op de wurden foar 'gean' dy't yn *De letterfretter* neamd wurde.

Lit se:

Rinne (s. 22), bokselje (s. 34 = hastich, mei ynspanning rinne), klotse (s. 35, (sabeare) troch wat wiets stampe), strune (s. 46 = nijsgjirrich, speurend omrinne), sutelje (s. 46 = wat omrinne), slûpe (s. 60 = sêft, stikem rinne), sjouwe (s. 70 = swier, sjokkend rinne), kuierje (s. 71 = stadich, op jins gemak rinne), springe (s. 22 + 35) en stuiterje (s. 93 = doink, doink, doink!)

TOANIEL – toaniellêze



‘Bêste graaf, wat is jo smaak?’ (s. 12)

Freegje de bern yn groepkes fan twa of trije de toanielteksten op **wurkblêd 4a en 4b** ta te rieden troch earst de rollen te ferdielen, en dan de tekst goed troch te lêzen. Sy hoege de tekst perfoarst net út de holle te learen, it is de bedoeling dat sy it aanst foarlêze kinne.

Witte de bern fan watfoar gedicht de tekst ôflaat is? Lês, as dat net sa is, de gedichten *Waakse draak* (s. 12) en *Knokpartij* (s. 32) noch efkes foar.

Freegje, neidat de bern har taret ha, in pear groepkes nei foaren om de sêne út te spyljen. Fansels meie sy de tekst by de hân hâlde.

NATOER – bisteposters



‘In feanmoltsje libbe al jierren yn it fean.’ (s. 58)

Yn it boek spylje ek alderhande sûchdieren, fûgels en ynsekten in haadrol.

Ferdiel oer twatallen yn dyn groep alle bisten út it boek. Freegje de learlingen om (as se it net witte) yn in Frysk wurdboek of online op webside [Frysk wurdboek, hifker en oersetter \(frysker.nl\)](http://Frysk_wurdboek_hifker_en_oersetter(frysker.nl)) op te sykjen om watfoar bist it giet, en dêr in plaatsje fan út te printsjen.

Meitsje mei de hiele groep dêrnei in poster fan sûchdieren, fûgels en ynsekten/ kribelbistkes. De froask is in amfiby, de foarn in fisk, dy ferjitte we mar efkes foar it gemak.

Plak de plaatsjes op de goede poster, en set de Fryske namme derûnder.

Opsplitst yn de frege kategoryen komme yn it boek de folgjende bisten foar:

Sûchdieren:

Harmke, aap, seehûn, sjimpansee, ree, iisbear, knyn, okse, hûn, fôle, rôd, murd, húskat, skiep, rier, stienmurd, liuw.

Fûgels:

Hin, ljip, wikel, pykje, topper, oehoe, koekoek, klút, hauk, pau, houtdo, hoanne, skierroek, skries, rotgoes, kalkoen, kapoen, kuorhin, goes, pappegaai, parkyt, mosk, huite, miuw.

Ynsekten en oare kribelbistkes:

Sânbij, glêsmakker, lús, koalûltsje, feanmol, tûzenpoat, stienkrobbe, maits.



Feanmol

WRÂLDORIÏNTAASJE – monuminten



- A. ‘Yn in stins stiet prins Rinse foar it finster, yn tinzen.’ (s. 26)

In stins is in sterke, stiennen wentoer út de Midsiuwen. Foarname minsken lieten dy bouwe om har ferdigenje te kinnen tsjin fijannen.

Yn *De letterfretter* wurdt in pear kear in stins neamd. Yn it gedicht *Waakse draak* (s. 12) en *Har Winsk* (s. 26)

Der ha yn it ferline hûnderten fan dy stinzen yn Fryslân stien, mar der binne noch mar in pear oer. De moaiste is de Skierstins yn Feanwâlden. Kinst der op ekskurzje hinne. Wol efkes yn it foar opjaan, fansels. Yn de toer is in útstalling mei kûgels, helleburden en oar materiaal út de Midsiuwen te sjen.

Sjoch foar in fergees del te heljen wurkboek en dosintehânlieding oer staten en stinzen yn Fryslân (lesstofferfangjend):

[Stins! ‘Friese kastelen en hun bijzondere bewoners’ – Erfgoed Onderwijs \(erfgoed-onderwijs.frl\)](http://erfgoed-onderwijs.frl)



- B. ‘Hiel smout siet in skouwe houtdo/ yn ’e spou fan de Ljouwerter Aldehou.’ (s. 57)

De Aldehou (yn it Nederlânsk Oldehove) is in toer fan hast 40 meter heech. Mar hy hinget ek hast twa meter út it lead, dus Ljouwert hat syn eigen brike toer lykas Pisa.

Kinst fan april oant ’e mei oktober de Oldehove beklimme. Dan hearst oer de skiednis fan de toer, mar der is ek in prachtige Multimedia-show te besjen. Hjir krigest in ympresje: [Oldehove teaser show toren on Vimeo](#)

Foar mear ynformaasje oer in besite mei de hiele groep: [Oldehove – Historisch Centrum Leeuwarden](#)

WRÂLDORIÏNTAASJE – kaart fan Fryslân



- ‘Bijke út Hijum mocht sjongles net lije.’ (s. 87)

De letterfretter komt yn in hiel soad plakken yn Fryslân. Sit dyn eigen wenplak der soms ek by? Of miskien in plak yn ’e buert datst wol kenst?

Op **wurkblêd 5** steane alle Fryske plaknammen út it boek. Mar wêr lizze se?

- Ferdiel de plaknammen oer de twatallen bern.
- Freegje de groepkes om de plakken fan har listke yn in atlas of online op te sykjen, en op de kaart fan Fryslân yn te tekenjen.
- Foegje alle plakken byinoar op in kaart op it boerd. Bepraat.
- Freegje de bern watfoar twa stêden yn it boek steane.
- Watfoar plakken út *De letterfretter* lizze der yn jim eigen gemeente?

SPULTSJE – letterfretterkwartet



Der is in spesjaal letterfretterkwartet te keap. Wa't tagelyk ek it boek keapet, kriget koarting. It spul bestiet út 14 kwartetten. Fjouwer kaarten fan in kwartet foarmje mei-inoar in komplette yllustraasje út it boek *De letterfretter*.

In potsje kwartetten duorret likernôch 20 minuten, ast it mei 2 oant 4 minsken spilest.

[Kwartet De Letterfretter – Afûk Websjop \(afuk.frl\)](http://afuk.frl).

SPULTSJE – hok-bok-spul



'Omke die rombommich drok,/ snokte suver fan gelok.' (s. 34)

Yn it Frysk ûnderskiede wy de O dy'tst útsprekst as yn it wurd 'hok' en de O dy'tst útsprekst as yn it wurd 'bok'. Yn it Nederlânsk is dat eins ek sa (tink mar ris oan de âlde lêspanke fan Hoogeveen dêr't se beide op steane), mar de measte Nederlânsktalige minsken hearre gjin ferskil mear, en sprekke beide O's op deselde wize út.



Yn it Frysk komt dat wat kreker, om't de iene of de oare O in ferskil yn betsjutting meibringe kin. Tink mar ris oan de wurden holle (mei de O fan bok = 'hoofd', holle (mei de O fan hok = komfoarmige útdjipping, holte).

Sa giet it ek mei:

Bolle ('stier') – bolle (rûn, mei in bult derop)

Kopke (kin kofje yn) – kopke (holtsje fan in bern of bist)

Lok (gelok) – lok (túfke hier)

Klok (hin) – klok (wiist tiid oan)

En sprek dizze sin mar ris út: 'Sokke sokken draach ik net.' De o's binne ferskillend.

Dit lient him foar in moai wedstrydsje yn de klasse.

Laminearje twa A4's mei plaatsjes fan in hok en in bok.

Sykje yn de wurdlisten efteryn it boek tsien wurden mei de O fan hok op, en tsien mei de O fan bok.

De bern stelle har efteryn de klasse op. De plaatsjes fan de bok en it hok wurde beetholden troch de klassehelpen of foaryn de klasse ophongen.

Lês no it earste wurd korrekt foar, en freegje de bern watfoar klank as se hearre. Is it de O fan hok of fan bok? Nei dat plaatsje rinne se. De learlingen dy't it ferkeard heard ha, falle ôf en meie wer sitten gean. De learlingen dy't it goed hiene, meie troch nei de folgjende omgong.

Trochgean oant der ien learling oer is, of wannear't alle tweintich wurden op binne.

Foarbyld fan wurden dy'tst kieze kinst: (beide O's trochinoar):

Dop (de O fan hok, dokter (O fan hok), jonkje (O fan bok), drop (Hok), slok (Bok), troch (B), skoft (B), snot (H), stopje (H), wolf (B), gok (H), protter (B), tonne (B), cross (H), stjonke (B), molke (H), slot (H), foks (B), blok(H), topper (H).

Efteryn it boek steane folle mear foarbylden, sa'tst sels ek in list meitsje kinst.

SPULTSJE – letterfretterkwis



Dit is in kwis foar bern dy't de gedichten út it boek goed kenne. De bern kinne yn in kring sitte en om beurten antwurdzje (gjin puntetelling byhâlde), mar de fragen kinne ek oan bygelyks twa teams steld wurde (foar ekstra spanning al in puntetelling byhâlde).

Hjir binne tweintich fragen, mar de learkrêft kin maklik sels mear fragen betinke of, miskien noch moaier: oan de bern freegje om nije fragen te betinken. Soms binne meardere antwurden goed. Eventueel kinne fan de úttyppte fragen laminearre kaartsjes makke wurde, wêrtroch't de groep in eigen letterfretterkwis ûntwikkelet en geandewei syn Fryske wurdskat fergruttet.

20 fragen:

- Wat is Jan Alleman neffens syn juf?
- Neam ris twa dingen dy't aap te keap hat?
- Wêr wenne Hâns Sânbij earst?
- Wat hat seehûn foar drankje op syn kleeed?
- Wat is Fêde Froask syn probleem?

- Neam ris in fûgelsoart dy't rimet op it wurd 'stikel'?
- Wat yt de iisbear út Riis?
- Yn watfoar moanne is de fytswedstryd tusken knyn Tys en pykje Gryt?
- Wat dochs Fokje mei de twa knokkende einen?
- Wat yt dy lytse, ferwende Romke, dy't by syn omke útfanhûs giet, thús?

- Wat is in sykloop?
- Watfoar straf kriget de fôle, as de rôl har te pakken kriget?
- Wat leit der yn it hoekje by Oebele oehoe thús?
- Wêr fynt murd Sjut in skat?
- Nei watfoar lân ferhuzen de luzen?

- Watfoar fûgel makket in prúkje foar húskat?
- Wêr fynt it feanmoltsje in nije baan?
- Hoefolle saksofoans hâldt de tûzenpoat fêst?
- Wêr moat de ûndogense hoanne hinne fan de boargemaster?
- Watfoar blessuere kriget de stienkrobbe fan it fytsen?



PUZELJE – wurd­siker



Op **wurkblêd 6** stiet in wurd­siker mei wurden út *De letterfretter*. Om efkes lekker te puzeljen! Oplossing fan 'e puzel: *de letterfretter is te gek*.

WURKBLÊD 1 - DE LETTERFRETTER

SKRIUWE

SoLDaTeN-regel

Skriuwst de folgjende wurden mei in A of in O? Folje de goede letter yn.

G_K

KL_DDE


S_P

K_T



SP_T

P_T



W_NT



SL_T

D_P

BL_K

SK_T



SL_P

PL_T

P_NNE

WURKBLÊD 2 - DE LETTERFRETTER

SKRIUWE

Brief

(plak) (datum)

Bêste

Ik skriuw dy, omdatsto de eigner bist fan in

(kickersmeubelwinkel, kikkertsrestaurant, bisteclub, skoaltsje of noch wat oars)

Ik wol dy graach it folgjende freegje:

.....
.....
.....

Dat liket my moai/ goed omdat:

.....
.....
.....

En dit wol ik ek noch fertelle:

.....
.....
.....

Ik sjoch út nei dyn antwurd.

Freonlike groet,




Fêde Froask



WURKBLÊD 3 - DE LETTERFRETTER

KLEURJE

Kleurplaat



WURKBLÊD 4A - DE LETTERFRETTER

TOANIEL

Toaniellêze

Twa rollen: Aap en Graaf Jaap

Aap: Goeie, mynhear.
Binne jo de baas hjir?

Graaf Jaap: Ja, aap.
Ik wenje op dizze stins.
Wat wolst?

Aap: Ik ha moai guod te keap.
Wolle jo in sieraad fan koraal?
Of in gouden kraan?
Miskien wol in gitaar?
Of in griene draak?
Hielendal net djoer.

Graaf: In draak?
Hasto in draak by dy?

Aap: Jawis. Sjoch, dit is in draak.
Se neame it ek wol in 'vlieger'.
Kinst him oplitte.
Dan stiet er hiel moai yn 'e loft.

Graaf: Staak dyn geraas, aap.
Want in draak, dy ha ik al.
Sjoch mar.
Dêr yn it skaad fan dy beam sit er.
Hy is hiel waaks.
Hy hat mar ien taak.

Aap: Ha jo in echte draak?
Sa'n bist dat fjoer spuit?

Graaf: Jawis!
Hy kin hiel rap.
Draakje! Wekker wurde!
Jei dyn aap ris fan myn hiem!

Aap: O nee.
De draak komt der oan.
Hy kin fleane.
Wat is er grut.
Ik naai gau út.

Graaf: Moai sa!
Net oant sjen!



WURKBLÊD 4B - DE LETTERFRETTER

TOANIEL

Toaniellêze

Trij rollen: Jop, Okke en Fokje

Jop: Toe hynderke, sjit op.
Ik wol nei it slot.
Dêr wachtet Fokje op my.
Se is hiel moai en leaf.
Se hat sulveren sokjes en losse lokjes,
om har kopke gouden klokjes.

Okke: Jop, wat dochsto hjir?

Jop: Ik kom foar Fokje.
Ik wol mei har trouwe.

Okke: Dêr komt neat fan yn.
Dêrom bin ik hjir ek.
Fokje wurdt mýn frou!

Jop: Ferjit it mar.
Fokje is fan my.

Okke: Ha! Dat soest wol wolle.

Fokje: Wat is der?
Wêrom raze jim sa?

Okke: Leave Fokje, trou mei my!

Jop: Nee, mei my!
Jop, rot op!
Oars sjit ik dy foar dyn kop!

Jop: Wolst knokke?
Dan klim ik fan myn hynder.

Fokje: Ik wol hjir gjin rûzje ha.
Jim binne in steltsje apekoppen!
Ik meitsje sels wol út mei wa't ik trou.

Jop: No sis. Ek net aardich.

Fokje: En no fuort, want oars....



WURKBLÊD 5 - DE LETTERFRETTER

WRÂLDORIÏNTAASJE

Kaart fan Fryslân

A. De plaknammen dy't yn *De letterfretter* foarkomme binne:

Aldehaske, Aldskoat, Baaidunen (op Skylge), Bakhuzen, Bueren, Damwâld, Eastersee, Euverburen (= Overburen), De Feanhoop, Feankleaster, Froubuorren, Garyp, Goaiïngaryp, Greonterp, De Harkema, De Haule, It Hearrenfean, Heech, Hijum, Hylpen, De Himrik, De Hoeve, Húns, Ie, De Knipe, Kollum, Kûbaard, Ljouwert, Loaiïngea, Moarre, Mullum, Oerterp, De Pôle, Raard, Riis, Seisbierrum, Skarsterbrêge, Surch, De Tynje, Tsjom, Weidum, Winsum, Wiuwert.

Sykje yn in atlas of online op wêr't se lizze, en skriu se op it goede plak op de kaart.

B. Der sitte twa Fryske stêden tusken. Omsirkelje se.

C. Watfoar plakken út *De letterfretter* lizze yn dyn eigen gemeente? Set der in streekje ûnder.



WURKBLÊD 6 - DE LETTERFRETTER

PUZELJE

Wurdsiker

Streekje de wurden út 'e puzel troch. De letters dy't oerbliuwe foarmje de oplossing.

D	D	R	E	E	C	H	E	K	K	I	R	P
E	L	B	E	S	I	T	E	K	M	R	A	H
E	J	K	E	O	K	S	T	I	K	E	L	S
Y	S	M	E	T	K	L	A	P	R	O	A	S
N	J	O	K	K	E	B	Y	L	D	S	J	E
S	I	O	T	E	R	F	K	S	B	R	E	T
P	M	G	T	E	R	I	P	O	I	S	T	E
A	P	L	G	E	L	A	A	D	R	A	A	K
N	A	I	K	R	T	R	K	S	T	U	R	G
N	N	K	A	T	T	S	T	A	S	J	O	N
I	S	E	E	S	A	V	E	N	T	O	E	R
N	E	N	J	E	I	G	E	N	W	I	I	S
G	E	E	H	I	P	P	E	L	E	P	I	P

AVENTOER
BESITE
BOARTSJE
DRAAK
DREECH
EARLIK
EIGENWIIS
GRUTSK
HARMKE
HIPPELEPIP

KLAPROAS
KOEKJE
MOOGLIK
OKKEBYLDSJE
PRIKKE
SJIMPANSEE
SPATTEN
STASJON
STIKELS
YNSPANNING

Oplossing:

<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>
<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>	<input type="text"/>

OER LIDA DYKSTRA



Lida Dykstra

Lida Dykstra (1961) út De Knipe hat goed hûndert berneboeken skreaun yn it Frysk en Nederlânsk. Dykstra skriuwt foar alle leeftiden, fan printeboeken oant boeken foar begjinnende lêzers op AVI-nivo's, fan lesmateriaal oant histoaryske jeugdromans.

Se wurket regelmjittich yn opdracht. Sa hat se ûnder oare boeken skreaun foar it Fries Museum, it Marinemuseum yn Den Helder, de Friese Milieu Federatie, Stichting Aed Levwerd, Stichting Nassau en Friesland en Stichting Kening fan 'e Greide.

Dêrneist jout se workshops en skriuwkursussen, en giet se regelmjittich skoallen en biblioteken bydel om te fertellen oer har wurk.

Yn 2020, 2021 en 2022 hat Dykstra Berneboeke-ambassadeur van Fryslân west.

Op 16 septimber 2022 waard se beneamd ta lid van de Fryske Akademy.

Foar mear ynformaasje: www.lidadijkstra.nl

Oare boeken fan Lida Dykstra:

1994 *Sjoerd Stiensma syn reis troch de tiid*, Afûk

1996 *De skat fan Jonker Jan*, Afûk

1999 *Gefaar foar graaf Max*, Afûk

2000 *Wolken fan wol*, Bornmeer

2005 *Lederwyntsje, bern mei krêften*, Bornmeer

2007 *Spegelspreuk*, Bornmeer

2016 *Wenje yn in skilderij*, Wijdemeer

2017 *De huodsjes fan Mata-Hari*, Wijdemeer

2019 *It Spûkskip*, Afûk

Oant no ta ferskynden seis twatalige Gouden Boekjes oer mûske Sipke, Rubinstein/Afûk.

SEIS FRAGEN OAN LIDA DYKSTRA OER DIT BOEK

1. Wiene jo as bern sels ek in letterfretter?

Absolút. Ik lies alles wat los en fêst siet doe't ik ienkear lêze koe, en dat wie al nei trije wiken yn de earste klasse (no groep 3). En ik bin noait mear opholden mei lêzen.

It alderleafste lês ik berneboeken, om te sjen wat myn kollega's allegear foar moais skriuwe.

2. Watfoar gedicht út it boek fine jo sels it moaiste?

Dat is yngewikkeld om te kiezen, want ik haw fansels op alle gedichten o sa myn bêst dien. Ik fyn it gedicht *By omke*, oer it lytse boltsje Romke dat útfanhûs giet, wol hiel moai slagge. En it gedicht *Dieet* dûnset sa moai ast it foarlêst, omdat der in trijekwartsmjitte ynsit. Hiel djoer hjit dat in 'daktyliske foarm'. Besykje it mar ris.

3. Hoe binne jo kommen oan Berber van den Brink as yllustrator?

Ik hie Berber har wurk sjoen op in útstalling yn in museum op It Hearrenfean, en fûn it prachtich. Dêrom haw ik har namme trochjûn oan de útjouwer, en dy fûn it ek in goed idee om har te freegjen.

4. Hoe betinke jo wêr't in gedicht oer gean moat?

Ik begûn by elts gedicht mei it sammeljen fan safolle mooglik wurden dêr't de goede klinker yn siet. Dat waard soms wol in heal kantsje fol. Dan lies ik dy wurden, om te sjen oft ik ek ferbannen seach. Guon wurden hiene wat mei inoar te krijen. Ast bygelyks by de OEI wurden as groeie, bloeie, snoeie en sproeie stean sjocht, witst fansels dat dat gedicht oer tûnkjen gean moat.

5. Myn doarp stiet net yn it boek. Wêrom net?

By guon lûden koe ik mar ien doarp fine. Dat wie sa by de IU, dy't allinnich yn Wiuwert sit. Mar by oare lûden kinst in hiel soad doarpen fine. Tink mar ris oan de EA. Dy sit yn Bakkefean, Dearsum, Dunegea, Easthim, Jobbegea, Langsweagen, Parregea en noch tsientallen oare plakken. Yn dy gefallen haw ik ien plak útsocht.

6. Komt der noch in letterfretter-boek?

As it oan my leit wol. Ik soe noch graach in twadde boek skriuwe wolle dat net draait om de lûden/klinkers, mar om de Fryske bylûden, de 'medeklinkers'. En dan ek wer mei alderhande grappige gedichten, fansels.

OER BERBER VAN DEN BRINK


Yllustrator Berber van den Brink (1982) út Ljouwert wurket ek as grafysk ûntwerper.

Nei har oplieding Docent Beeldende Kunst & Vormgeving en Communicatie & Multimedia Design is se har eigen studio begûn, ûnderwylst alwer 15 jier lyn.

Op dit stuit wurket se it meast oan yllustrative projekten dêr't ek har grafyske feardigens goed by fan pas komt. Har wurk is kleurich en konseptueel, grafysk en/of teätraal, faak mei wat surrealisme en humor.

Se fynt it in moaie útdaging om in boadskip goed oer te setten nei in krêftich byld. Mar se hâldt der ek fan om yn it foar neat te betinken en gewoan te begjinnen, te boartsjen en sjen wêr't it skip strânje sil.

Foar mear ynformaasje: www.berbervandenbrink.nl



Berber van den Brink

